

## Wetter

alles soppet yn myn liif	D4	D	D4	D
ik fiel my wol sterk en stiif	D4	D	D4	D
mar ik bestean foar't grutste part út wetter	C	Bb	A7	
sechstich liter fan dat focht	D4	D	D4	D
tôgje'k mei op eltse tocht	D4	D	D4	D
al pisje ik omraak, it wurdt net better	C	Eb7	D7	
oeral, oeral om ús hinne	Gm			
sjuchst of hearst it wetter rinnen	Gm			
kranen foar it waarme en it kâlde	F	Eb7	D7	
sels yn see binne der hûnen	Gm			
stille wetters, djippe grûnen	Gm			
wy moat de holle boppe wetter hâlde F	G	A7		

oan it wetter komt gjin ein, it ferdampt en wurdt wer rein  
en winterdeis dan wol it wol befrieze  
mar dat raant wer op in kear, en lij wetter docht net sear  
dêr wol ik wier gjin wetter om ferlieze  
    al dy fisken yn de see al dy boaten op de ree  
    al dy diken dy't it wetter keare  
    ja, in brette wetterknyn mei wat wetter by de wyn  
    dat rint my as lij wetter yn de earen

as kâld wetter oer de lea sit men op wetter en op brea  
as immen dat oerkomt, jawis, dan flokt er  
giet der by josels wat mis, om 't it gjin suver wetter is  
dan moat jo mei it wetter foar de dokter  
    it wetter wurdt ek wit hoe smoarch omdat de lju mei har gebarch  
    al dat skoander focht mar wat fergrieme  
    ja, wy smite eltse see fol oalje, gif, en PCB  
    dan kin'k my suver wol oan wetter skrieme

ik wol't net mear oer wetter ha, it stiet my oan de knibbels ta  
stel dat it noch wat stiicht, dat sil net lykje  
nee, ik hâld oer it wetter op, en spuid' ik jo al op 'e kop  
jo moat gjin spikers op leech wetter sykje  
    mar dizze simmer wie in hel, der kaam safolle wetter del  
    dat boeren op har lân net komme kinne  
    mar ferlies no net de moed, wa wit komt it fan't hjerst noch goed  
    en wykt it wetter dochs noch foar de sinne